

– Snein 25 septimber 2022

– Akkrum, Lantearne Tún

- Simmerske ferhalemiddei elke lêste snein fan 'e moanne

– Ferhaal fan Hanna Sixma. Tegearre mei beppe Hennie Sixma, dy't har eigen ferhaal oer har mem fan in ieu earder fertelde.

It is 9 juni, 2008. Yn in wenkeamer midden yn Akkrum wurdt in famke geboren mij lytse reade krultsjes boven har earkes.

dat famke, dat wie ik. Hanna Sixma. Er stûn my in hiel oar leven te wachtsjen as myn oerbeppe, Janke.

Ik bin middelste yn in gesin my trije bern. Yn de earste jierren fan myn leven kaam ik in protte yn kontakt my neefkes, nichtjes, en oare famylje. We gongen faak op fakânsje nij familie op Amelân, en yn de simmer gongen we faak nij it bûtenlân .

Vanôf myn twadde gong ik foar it earst in grutte, spannende drempel oer: ik gong nij de peuterskoalle.

nij twa jierdeis my resyntsjes en trommels op de peuterskoalle, mocht ik nij de grutte skoalle. earlijk sein fûn ik skoalle net sa moeilijk. Ik gong best hurd troch de stof hinne, dus verveelde my ek wol ris. Dêrom bleun ik altyd grutte, soms lytse en soms spannende drempels oer gean. Op skoalle die ik pluswurk, mar ik die dat ek troch (soms yngewikkelde) dingen te knutseljen, en toniel te spyljen. toen ik yn groep trije al myn swimdiploma's helle hie gong ik op korfbal, der sit ik noch steeds op. Ik learde dus net allinich mar dingen op skoalle. Ik die ek in protte oan hobby's, wer ik ek noch plesier oan hie .

Myn oerbeppe koe net nij skoalle, en ik tink dat ik soms noch altyd best jaloers op har bin. Mar wat die se yn al die tiid? It is foar my hiel belangryk om dingen te dwaan die ik leuk fyn, mar foar Janke wie der gjin tiid en gelegenheid foar, se moest meihelpe op it skip.

It is in normale jûn. Ik ha krekt kuorbal traint nij in lange dei skoalle en ik sit op e bank mij in kopke tee. Ynienen hear ik wat. Pling! In appke! Ik pak myn telefoan en iepen him mei myn fingerôfdruk. Whatsapp. Open. Boppenoan stiet in appke mei in adres. Fan wa ha ik dit krigen? Anoniem, stiet er. Ik klik p de profylfoto fan de ferstjoerder, wêrop in read bankje is de sjen.

Goed, dat adres dus. Ik pak myn google maps derby en foer it adres yn. Loading.... Dan sjuch ik it, in plaatsje fan coopersburg. Wat moat ik hjir mei?

Pling! Noch in appke. Je hebt nog 2:45:33, :32, :31, :30

Pling! Telefoon uitgeschakeld over 3, 2, 1

Swart skerm.

Ik rop mem, dy't myn suske op bêd oan it bringen is. Heit. Roan. Mar ik hear neat mear, myn stem docht it net mear, en ik sjoch niks mear. Ik stean op en begjin te draven, op gefoel, ik moat hjir wei en... au! De doar wie dochs wat tichterby as ik tocht. Ik gean fierder. Ik gean nij bûten en pak myn fyts, op nei coopersburg!

Mei it swit op myn foarholle fyts ik troch it sintrum. It liket wol asof it noch tsjusterder as normaal is rûn dizze tiid. Nij wat in jier liket bin ik er eindelijk.

Snel, mar foarsichtich rin ik oer de stientsjes fan e tún. Ik stean efkes stil by de prachtige grutte beam en de moaie font...

Nee, natuerlik doch ik dat net! Ik draaf fierder op siek nei in... wêrnei eigentlich? Ik rin fiiftûzen rûntsjes om it gebou hinne totdat ik sa wurch bin dat ik efkes pauze nim op in read bankje. Totdat ik efkes pauze nim op in read bankje!!

Mar helaas, it kwartsje wat no by jim allegear falt, foel net by my... Ik foel yn in djippe, djippe sliep.

Shit, ik moat nij skoalle!! Ik wurd wekker yn e tún fan Coopersburg. It is al ljocht en ik rin gau nij it plak wer myn fyts stûn. Mar als ik de hoeke om kom om myn fiets te pakken, stiet die er net mear. Ik sjoch om my hinne en beslút mar nij hûs te gean rinnen. Die fyts fyn ik letter wol.

Ik rin nij de strjitte ta, mar sjoch ynienen dat er wat opfallends oan e hân is. De strjitte is fan sân makke! Ek in hiele hoop hûzen stean er net.

Alles is oars. Ik wit ien ding: ik bin net thus.

Ik rin gau nij it sintrum, ik bin al in bytsje bang wurden! It begjint te reinen en de hiele strjitte wurd sompich.

Ik sjoch in úthingboerd út in gebou hingje. Gjin ledljocht of gekleurde reklamefolders, gjin draaidoar. Ik iepenje de doar en in beltsje begjint te rinkeljen. In man efter de toanbank skrikt op. Hy hat in gerút pak oan my dêr oerhinne in leren skort, en als finisjing touch in lange puntsnor.

Hagoeie. Wer kin ik dy my helpe?

Euhm... ik wol graach witte hoe dit kin. Wer bin ik belâne? De man snapt net wat ik bedoel en nûget my út foar in waarm kopke tee yn syn hûs efter de winkel. Hy hjit Jan, en syn frou die my al in kop thee yn e hannen drukt hat, hjit Neeltje. Ik lis alles út wat ik ha sjoen, tot yn e details. Ik fertel oer myn appkes, oer it reade bankje en oer de rare feroaringen yn it doarp. Mar de man begrypt my net en leaut my net. Hy tinkt dat ik helemaal gek bin wurden. (dus):

Hy nimt my mij troch syn hûs, en bringt my bij in keamer mei in lyts bêd. 'Dit is de keamer fan myn soan Theo. Hy is no op fakânsje, dus hjir kinst wol efkes sliepe!' de keamer is fry keal. Der stiet in bêd, in lyts kleankastje en in nachtkastke. Ik gean sitten op it hurde bêd fan Theo. Op de appelgriene muorre hingje in pear foto's fan Theo en trije oare... myn mûle falt iepen. Ik sjoch troch it raam fan inkelglês en myn fermoeden wurdt befêstiget: ik bin yn it ferline!

Ik skop de doar iepen en hear in gekraak... oepsie! Makket net út, ik rin troch en de ienige dy't ik sjoch is Nealtsje. Ik gean nij Jan ta en freegje wat de datum hjoed is. 25 septimber 1922... Sjochst wol!

Nij in freonlike: bedankt, hoooi! Rin ik my it geklingel fan e bel de winkel út.

Woow. Dit is echt fet cool! Ik gryp nij myn bûse om myn telefoan te pakken, mar die sit er net mear. Er fytse in pear mannen langs my. Ik probearje se te begroetsjen mar der wolle se niks fan witte, sy sille jild fertsjinje en niks oars. Er drave wat bern foar my del ûnderweis nij skoalle, en de strange master stiet al foar de doar. Opsjitte, jim binne te let!!

Ik kom by in brêge die oer in hiele grutte feart hinne giet. Ik sjoch allegear hurd wurkjende minsken en krijsende of wurkjende bern. Ik sjoch in boat wer minstens fiif bern op sitte en projektarje myn eigen hûs yn gedachten nijst dit skûtsje. Eigenlik kear twa, want sa grut is dit gesin wol.

Opiens sjocht it skûtsje er in stik lytser út.

Ik stel my foar wat er yn dat sylskip allegear net is wat er yn myn hûs wol is. Der is gjin badkeamer. Gjin romte foar boartersguod, gjin tún mij in tramline. Gjin akwarium of kninen. Gjin grutte keuken mij koelkast en djipfries en inductiekoopplaat en Ofsûchkap en streamend wetter.

En dan tink ik oan beppe. Oan it ferhaal wat beppe my fan 'e wike oan e keukentafel fertelde oer har mem.

'Janke wurde berne yn it roefke fan de Ora et Labora. Janke hat har plakje yn de widze oan it fuottenein fan de bedstee fan heit en mem. Sjugge al gau de flammen út it foarûnder kommen . Yn har jonge jierren wurde der net mear in protte lake. As it skip stil lei; kinne sy skommelje op 'e gyk. Of oan in tou troch it wetter sliere. As lyts famke koe se mem al oh sa helpe, dat moast ek wol, nei skoalle gean om te learen, wie net foar har weilein.'

Ik ferwûnderje my deroer dat it libben wat ik no als yn in realityshow in real life foar my sjoch, oait normaal is west. Er sitte fjouwer generaasjes tusken, en dat binne der net safolle.

Wylst ik fierder rin stoppet it centrum gewoan ynienen. Ik sjoch nij de prachtige begroeide weilânen sûnder keunstmest en grutte wynmôlens. Sa no en dan stiet er in lyts boerderijtje mij in pear kij. Ien dyk splits it einleaze lânskip yn twaen, er ride in pear mannen yn wagens mij hynder dêrfoar.

It besef lânet langzaam dat dit it plak is wer op dit momint myn hûs stiet, ergens op dit no gigantische stik gers. Wer dageliks tsientallen, hûnderten auto's del ride. It plak die ik my noait oars foar ha stelt dan hoe it no, yn 2022 is, mar die wol folle moaier is dan hoe it no is. Ik soe hjir natuerlik net wolle wenje, op in weidlân sûnder dak boven myn holle. Sûnder badkeamer, streamend wetter, of tramline.

Ik sjoch de fûgels omheech fleanen en freegje my ôf werom iemand dit oait stikken hat makke om myn hûs er del te setten, en hûnderten oaren. Ik gean yn it kribelige gers lizzen.

En dan wurd ik wakker. Ik doch myn eagen iepen en lis yn myn eigen, sachte bêd. Shit! Ik moat nij skoalle!!! Ik rin nij beneden yn myn grutte hûs my in badkeamer, in tramline, streamend wetter, in inductiekookplaat.

En myn fyts stiet yn e skuorre.